

Healwei mei-inoar weromsjen

Halverwege samen terugkijken

Fotograaf: Akkeliene Postma @ Kloesewier



Ynlieding - Healwei mei-inoar weromsjen

Yn Smellingerlân stiet de minske foarop. Utgongspunten dêrby binne: Persoanlik, Mei-inoar & Dwaan. De gemeente is tsjinstber oan har ynwenners. Transparânsje oer ús doelen en resultaten makket dêr fanselsprekkend diel fan út. No't wy healwei de bestjoerstermyn fan it sittende kolleezje binne, wolle wy mei-inoar weromsjen op de ôfrûne perioade. Wat hawwe wy al berikt en wat kin der noch better?

Hannen en fuotten jaan oan de stelde doelen yn ús koälysje-akkoart *Mei-inoar dogge wy mear* dogge wy wier mei-inoar: wy binne ien team, neffens boargemaster Jan Rijpstra. Wy sjogge yn dizze Mid Term Review werom op de realisasje fan it koälysje-akkoart oant no ta. Ek helje wy guon moaie resultaten oan dy't net yn it akkoart neamd binne, mar grif it neamen wurdich binne. De omstannichheden binne net altyd like maklik. Sawol it sosjaal en romtlik domein as bedriuwsfiering ûnderfine hinder fan de hearskjende persoanelstekoarten en ûnderfine somtiden in kleau tusken middels en mooglikheden om de stelde doelen te heljen. Likegoed lizze wy goed op koers. Dêrby is de kritysk konstruktive ynbring fan de gemeenteried ûnmisber. Dêr't bystjoeren nedich is, dogge sy dat. Sa soargje wy der mei-inoar foar dat wy yn de hektyk fan al den dei de eindoelen net út it each ferlieze.

De gearwurking is net allinnich nei binnen rjochte mar grif ek nei bûten. In soad fan de hjoeddeistige ûntwikkelingen geane rom oer de grinzen fan ús gemeente hinne, konstatearret wethâlder Robin Hartogh Heys van de Lier. Tink dêrby bygelyks oan de ûntwikkelingen om de Lelyline hinne en de gearwurking fan de fjouwer grutte Fryske gemeenten as it giet om wenningbou op de lange termyn.

Us blik is mei klam rjochte op de takomst. Wethâlder Pieter van der Zwan: "Troch ûnder mear de tanimmende prestaasjedruk yn de maatskippij skoot de grins op fan wat normaal gedrach is. Dêrtroch wurdt der by problemen flugger socht nei soarchoplossingen. Mei ús gearwurkingspartners sette wy dêrom yn op previnsje en normalisaasje yn it sosjaal domein, grif ek foar ús jongerein."



It kolleezje fan B&W, mei fan lofts nei rjochts wethâlders Sipke Hoekstra, Pieter van der Zwan en Maria le Roy, boargemaster Jan Rijpstra, wethâlder Robin Hartogh Heys van de Lier en gemeentesekretaris Siebren van der Berg.

Fotograaf: Sieta Steh

Wethâlder Maria le Roy wiist op it grut tal mêden wêrop't duorsumens in yntegraal ûnderdiel wurden is fan doelen, plannen en útfiering. Dat is mei mooglik makke trochdat der ekstra jild beskikber steld is foar de duorsumensopjefte. "Duorsumens is gjin 'finkje' mear dat ôfstreke wurde moat, it is in liedend prinsipe."

Dizze hiele bestjoersperioade is der hieltyd kritysk sjoen nei it yn balâns hâlden fan ambysjes en kosten, neffens wethâlder Sipke Hoekstra. Op basis fan realistyske roaïingen en it hoeden omgean mei ús mienskipsjild hawwe wy, nettsjinsteande weromrinnende finansiering fan it Ryk, in soad fan ús ambysjes realisearje kinnen. Dat dogge wy foar ús ynwenners en bedriuwen. Yn Smellingerlân giet 'De minske foarop' úteinlik oer it omsetten fan wurden yn deden: "It is mei sizzen net te dwaan."

Yn Smellingerlân stiet de minske foarop



Inleiding - Halverwege samen terugkijken

In Smallerland staat de mens voorop. Uitgangspunten daarbij zijn: Persoonlijk, Samen & Doen. De gemeente is dienstbaar aan haar inwoners. Transparantie over onze doelen en resultaten maakt daar vanzelfsprekend deel van uit. Nu we halverwege de bestuurstermijn van het zittende college zijn, willen we met elkaar terugblikken op de afgelopen periode. Wat hebben we al bereikt en wat kan er nog beter?

Handen en voeten geven aan de gestelde doelen in ons coalitieakkoord *Samen doen we meer* doen we met z'n allen: wij zijn één team, aldus burgemeester Jan Rijpstra. We kijken in deze Mid Term Review terug op de realisatie van het coalitieakkoord tot nu toe. Ook halen we enkele mooie resultaten aan die niet in het akkoord genoemd zijn, maar zeker het vermelden waard zijn. De omstandigheden zijn niet altijd even gemakkelijk. Zowel het sociaal en ruimtelijk domein als bedrijfsvoering ondervinden hinder van de heersende personeelstekorten en ervaren soms een kloof tussen middelen en mogelijkheden om de gestelde doelen te behalen. Desondanks liggen we goed op koers. Daarbij is de kritisch constructieve inbreng van de gemeenteraad onontbeerlijk. Daar waar bijsturen nodig is, doen ze dat. Zo zorgen we er samen voor dat we in de hectiek van alledag de einddoelen niet uit het oog verliezen.

De samenwerking is niet alleen naar binnen gericht maar zeker ook naar buiten. Veel van de huidige ontwikkelingen overschrijden ruim de grenzen van onze gemeente, constateert wethouder Robin Hartogh Heys van de Lier. Denk daarbij bijvoorbeeld aan de ontwikkelingen rondom de Lelylijn en de samenwerking van de vier grote Friese gemeenten als het gaat om woningbouw op de lange termijn.

Onze blik is nadrukkelijk gericht op de toekomst. Wethouder Pieter van der Zwan: "Door onder andere de toenemende prestatiedruk in de samenleving schuift de grens op van wat normaal gedrag is. Hierdoor wordt er bij problemen sneller gezocht naar zorgoplossingen. Samen met onze samenwerkingspartners zetten we daarom in op preventie en normalisatie in het sociaal domein, zeker ook voor onze jeugd."



Het college van B&W, met van links naar rechts wethouders Sipke Hoekstra, Pieter van der Zwan en Maria le Roy, burgemeester Jan Rijpstra, wethouder Robin Hartogh Heys van de Lier en gemeentesecretaris Siebren van der Berg.

Fotograaf: Sieta Steenstra

Wethouder Maria le Roy wijst op het grote aantal terreinen waarop duurzaamheid een integraal onderdeel is geworden van doelen, plannen en uitvoering. Dat is mede mogelijk gemaakt doordat er extra geld beschikbaar is gesteld voor de duurzaamheidsopgave. "Duurzaamheid is geen 'vinkje' meer dat afgestreept moet worden, het is een leidend principe."

Deze hele bestuursperiode is er voortdurend kritisch gekeken naar het in balans houden van ambities en kosten, aldus wethouder Sipke Hoekstra. Op basis van realistische ramingen en behoedzaam omgaan met ons gemeenschapsgeld hebben we, ondanks teruglopende financiering van het Rijk, veel van onze ambities kunnen realiseren. Dit doen we voor onze inwoners en bedrijven. In Smallerland gaat 'De mens voorop' tenslotte over het omzetten van woorden in daden: "It is mei sizzzen net te dwaan."

In Smallerland staat de mens voorop




1. Mienskip op ien

De titel fan dit haadstik seit it al: de mienskip stiet foarop. De gemeente is tsjinstber oan har ynwenners en ûndernimmers en brûkt harren kennis om effektyf beslissingen te nimmen. Dêrby binne tagonklikens op alle nivo's en in aktyf Frysk taalbelied ûnmisber. Us kearnwearden binne: Persoanlik, Mei-inoar & Dwaan.


Om ús tsjinstferliening en klantfredenens te ferbetterjen is yn 2023 in klantbelofte opsteld dy't, mei de dêrby hearrende servicenoarmen, yn 2024 ynfierd is. Yn 2022 hat der in perioade west dat de wachttiid gemiddeld 17 minuten wie. Yn it ôfrûne jier binne de gemiddelde wachttiden oan de telefoan tige weromrûn (sjoch figuer 1). Ek oan de baly en by klachten sjogge wy goede ôfhanneltiden (sjoch figueren 2 en 3).

De fersiken om werom te beljen binne flugger ôfhannele (sjoch figuer 4). Underwilens wurdt in kontinu klantfredenensûndersyk (nulmjitting) útfierd.


Twataligens stiet heech op de aginda yn gemeente Smellingerlân. Wy hawwe sûnt ein 2022 in oersetter yn tsjinst. It Frysk wurdt mear tapast yn offline, online en papieren uteringen lykas taspraken, foaropwurden, flyers, parseberjochten en -útnûgingen.




Figuer 1



Figuer 2



Figuer 3



Figuer 4



Mei tank oan in ferheging fan it Buertbudzjet is de Sosjale Itenstún Smellingerlân realisearre, dy't bydraacht oan sûnens en wolwêzen fan de minima en dy't partisipaasje befoarderet.

Ek is de webside ûnderwilens foar it grutste part nei it Frysk oerset en wurdt dy by de tiid hâlden. Sûnt 2024 is der in breed aanbod oan kursussen Frysk foar meiwurkers.

Yn Smellingerlân stiet de minske foarop, sawol ekstern as yntern. Om ús maatskiplike doelen te heljen, hawwe wy foldwaande kapabele minsken nedich en in noflikke en sûne wurkomjouwing. Wy hawwe ynset op oantreklik wurkjouwerskip en it op oarder bringen fan de formaasje. Dat hawwe wy dien troch it ynsetten op bettere sekundêre arbeidsbetingsten lykas in fergoeding foar wen-wurkferkear en in leasefytsregeling. Ek is der yn de kadernota en begutting fan 2024 finansjele romte jûn foar it oanlûken fan persoanlik.

Ut de Omjouwingwet wei is partisipaasjebelied fêststeld. Wy jouwe dêr in ferfolch oan troch it partisipaasjebelied te ferbreedzjen nei de hiele organisaasje. Dat is yn tarieding en wurdt dien yn in oanhâldend mienskiplik ûntwikkelproses mei de ried. Der binne doarps- en wykwehâlders oansteld en der is in wehâlderssprekoere ynfierd.



Yn 2023 is sosjaal ombudsfrou Irma van Beek mei in twatalige flyer yntrodusearre by ús ynwenners, dy't har ûnderwilens goed witte te finen, lykas bliken docht út de earste rapportaasje.


1. Mienskip op ien

De titel van dit hoofdstuk zegt het al: de samenleving staat voorop. De gemeente is dienstbaar aan haar inwoners en ondernemers en gebruikt hun kennis om effectief beslissingen te nemen. Daarbij zijn toegankelijkheid op alle niveaus en een actief Fries taalbeleid onmisbaar. Onze kernwaarden zijn: **Persoonlijk, Samen & Doen.**


Om onze dienstverlening en klanttevredenheid te verbeteren is in 2023 een klantbelofte opgesteld die, samen met de bijbehorende servicenormen, in 2024 is ingevoerd. In 2022 is er een periode geweest waarin de wachttijd gemiddeld 17 minuten bedroeg. In het afgelopen jaar zijn de gemiddelde wachttijden aan de telefoon sterk teruggelopen (zie figuur 1). Ook aan de balie en bij klachten zien we goede afhandeltijden (zie figuren 2 en 3).

De terugbelverzoeken zijn sneller afgehandeld (zie figuur 4). Inmiddels wordt een continu klanttevredenheidsonderzoek (nulmeting) uitgevoerd.


Tweetaligheid staat hoog op de agenda in gemeente Smallingerland. We hebben sinds eind 2022 een vertaler in dienst. Het Fries wordt meer toegepast in offline, online en papieren gemeentelijke uitingen zoals toespraken, voorwoorden, flyers, persberichten en -uitnodigingen.




Figuur 1



Figuur 2



Figuur 3



Figuur 4



Dankzij een verhoging van het Buurtbudget is de Sociale Voedseltuin Smallingerland gerealiseerd, die bijdraagt aan gezondheid en welzijn van de minima en die participatie bevordert.

Ook is de website inmiddels grotendeels naar het Fries vertaald en wordt deze up-to-date gehouden. Sinds 2024 is er een breed aanbod aan cursussen Fries voor medewerkers.

In Smallingerland staat de mens voorop, zowel extern als intern. Om onze maatschappelijke doelen te behalen, hebben we voldoende capabele mensen nodig en een prettige en gezonde werkomgeving. We hebben ingezet op aantrekkelijk werkgeverschap en het op orde brengen van de formatie. Dit hebben we gedaan door het inzetten op betere secundaire arbeidsvoorwaarden zoals een vergoeding voor woon-werkverkeer en een leasefietsregeling. Ook is er in de kadernota en begroting van 2024 financiële ruimte gegeven voor het aantrekken van personeel.

Vanuit de Omgevingswet is participatiebeleid vastgesteld. We geven hier een vervolg aan door het participatiebeleid te verbreden naar de gehele organisatie. Dit is in voorbereiding en vindt plaats in een voortdurend gezamenlijk ontwikkelproces met de raad. Er zijn dorps- en wijkwethouders aangesteld en er is een wethoudersspreekuur ingevoerd.



In 2023 is sociaal ombudsvrouw Irma van Beek met een tweetalige flyer geïntroduceerd bij onze inwoners, die haar inmiddels goed weten te vinden, zoals blijkt uit de eerste rapportage.

2. Underweis nei in ynnovative ekonomy

As it giet om it striben nei in duorsume en earlike ekonomy mei in ynnovatyf karakter yn Smellingerlân, binne de ambysjes heech. De realisaasje fan dy ambysjes leit op koers, bygelyks wat de ûntwikkeling fan De Haven, it sintrum en Campus Drachten oangiet. Yn soksoarte programma's komme in soad tematiske opjeften byinoar, dy't bydrage oan de doelen út de Omjouwingsfyzje. By dat alles is gearwurking mei it maatskiplik middenfjild ûnmisber.

Yn novimber 2023 hat de gemeente in Strategysk Untwikkelplan foar De Haven oan de dêr fêstige ûndernimmers presintearre. Doel is it terrein mei-inoar klear te meitsjen foar de takomst, mei oandacht foar wurkgelegenheid en arbeidsmerk, berikberens (ûnder mear fia frachtferfier oer wetter), ferduorsuming en it finen fan ynnovative oplossingen foar netkongestje. Der is in subsydje-oanfraach dien foar fysike yngrepen, it ynvestearingsfoarstel is goedkard en it projekt is yn tarieding.

Ek it Gebietsprogramma Sintrum leit op koers. Sûnt juny 2023 is it Riedhúsplein autofrij en is it gebiet mei in tydlike ynrochting oantrekliker makke. Der is in Ynspiraasjedei organisearre om ideeën op te heljen by bewenners, ûndernimmers en besikers. Dat resultearret yn in Ynspiraasjedokumint iepenbiere romte en in projekteboek. Ek is breder sjoen nei inisjativen dy't oanheakje kinne by it Gebietsprogramma Sintrum en Iepen Drachten. Foarbylden dêrfan binne ljochtkeunst-festival Licht op Drachten, Museum Dr8888 en (mei Gastvrij Smellingerland) Restaurantweek Smullingerland, dêr't in grut tal ytgelegenheden

yn Drachten en de trettjin doarpen by yn de skynwerpers set is. In grut part fan de toeristebelasting floeit werom nei de sektor, dêr't nije gearwurkingen en inisjativen mei finansiere wurde kinne.

Underwilens binne ek de earste stappen set foar de ûntwikkeling fan Campus Drachten. De Strategyske Alliantie (Innovatiecluster Drachten, Philips Drachten, Ryksuniversiteit Grins, NHL Stenden, Firda, sikehûs Nij Smellinghe en gemeente Smellingerlân) set yn op soarchtechnology en hightech ynnovaasje (HTSM). Dat bart ûnder mear mei in Engineering Doctorate Autonomous Systems dat yn septimber 2024 úteinset. Troch de kombinaasje fan ûnderwiis, ûndersyk en praktyske tapassing draacht Campus Drachten by oan it behearskjen fan de soarchfraach (mear dwaan mei minder middels) en it fuortsterkjen fan de ekonomy troch in brêge te slaan tusken wittenskip en yndustry.

Mei it each op it realisearjen fan in ynklusive arbeidsmerk is Smellingerland Inclusief groeiid fan 30 nei 50 oansletten wurkjouwers.



De solarboat fan Innovatiecluster Drachten is in foarbyld fan ynnovative ûntwikkeling yn ús gemeente.

Der is in app lansearre om wurksykjenden te keppeljen oan bedriuwen. De ûntwikkeling fan de ekonomy wurdt fierder stipe troch sterke akwisytsjeresultaten. Der binne withoefolle akwisytsjepetearen fierd, dêr't ynteresse by toand is foar sawol De Haven as A7-Noord, bygelyks foar in fêstiging fan Certe en fan de Plysje. Netkongestje mei dan wol in bottleneck wêze, mar der binne ferskate klusters fan bedriuwen dy't gearwurkje oan in enerzjyhub, it gearfoegjen fan elektrisiteitskontrakten, pykfermogen besykje foar te kommen, elektrisiteit opslaan en it mei-inoar dielen fan opwekke elektrisiteit.


De mooglike oanlis fan de Lelyline mei in stasjon yn Drachten biedt op termyn grutte kânsen om de mobiliteit yn de gemeente en de regio noch duorsumer te meitsjen. Dy ûntwikkeling kin soargje foar in ekonomyske ympuls en is in sterke drager fan stedske yntinsivearring en fertichting, wat geunstich is foar it draachflak foar mear duorsume foarmen fan lokale mobiliteit en kettingmobiliteit.

Undersyk fan de Rabobank lit sjen dat Smellingerlân yn 2024 nei ferwachting diel útmakket fan de tredde ekonomyske groeiregio fan Nederlân.

Fotograaf: Jan Buwalda



Wethâlders meitsje Riedhúsplein autofrij.



2. Onderweg naar een innovatieve economie

Als het gaat om het streven naar een duurzame en eerlijke economie met een innovatief karakter in Smallingerland, zijn de ambities hoog. De realisatie van die ambities ligt op koers, bijvoorbeeld wat betreft de ontwikkeling van De Haven, het centrum en Campus Drachten. In dergelijke programma's komen veel thematische opgaven bij elkaar, die bijdragen aan de doelen uit de Omgevingsvisie. Bij dit alles is samenwerking met het maatschappelijk middenveld onontbeerlijk.

In november 2023 heeft de gemeente een Strategisch Ontwikkelplan voor De Haven aan de daar gevestigde ondernemers gepresenteerd. Doel is met elkaar het terrein toekomstbestendig te maken, met aandacht voor werkgelegenheid en arbeidsmarkt, bereikbaarheid (onder andere goederenvervoer over water), verduurzaming en het vinden van innovatieve oplossingen voor netcongestie. Er is een subsidieaanvraag gedaan voor fysieke ingrepen, het investeringsvoorstel is goedgekeurd en het project is in voorbereiding.

Ook het Gebiedsprogramma Centrum ligt op koers. Sinds juni 2023 is het Raadhuisplein auto-vrij en is het gebied met een tijdelijke inrichting aantrekkelijker gemaakt. Er is een Inspiratiedag georganiseerd om ideeën op te halen bij bewoners, ondernemers en bezoekers. Dit resulteert in een Inspiratiedocument openbare ruimte en een projectenboek. Ook is breder gekeken naar initiatieven die kunnen aanhaken bij het Gebiedsprogramma Centrum en Open Drachten. Voorbeelden daarvan zijn licht-kunsthuis Licht op Drachten, Museum Dr8888 en (samen met Gastvrij Smallingerland)

Restaurantweek Smallingerland, waarbij een groot aantal eetgelegenheden in Drachten en de dertien dorpen in de spotlights is gezet. Een groot deel van de toeristenbelasting vloeit terug naar de sector, waarmee nieuwe samenwerkingen en initiatieven gefinancierd kunnen worden.


Inmiddels zijn ook de eerste stappen gezet voor de ontwikkeling van Campus Drachten. De Strategische Alliantie (Innovatiecluster Drachten, Philips Drachten, Rijksuniversiteit Groningen, NHL Stenden, Firda, ziekenhuis Nij Smellinghe en gemeente Smallingerland) zet in op zorg-technologie en hightech innovatie (HTSM). Dit gebeurt onder meer met een Engineering Doctorate Autonomous Systems dat in september 2024 van start gaat. Door de combinatie van onderwijs, onderzoek en praktische toepassing draagt Campus Drachten bij aan het beheersen van de zorgvraag (meer doen met minder middelen) en versterking van de economie door een brug te slaan tussen wetenschap en industrie. Met het oog op het realiseren van een inclusieve arbeidsmarkt is Smallingerland Inclusief gegroeid van 30 naar 50 aangesloten werkgevers.



Er is een app gelanceerd om werkzoekenden te koppelen aan bedrijven. De ontwikkeling van de economie wordt verder ondersteund door sterke acquisitieresultaten. Er zijn talrijke acquisitiesgesprekken gevoerd, waarbij interesse is getoond in zowel De Haven als A7-Noord, bijvoorbeeld voor een vestiging van Certe en van de Politie. Netcongestie is weliswaar een bottleneck, maar er zijn verschillende clusters van bedrijven die samenwerken aan een energiehub, het samenvoegen van elektriciteitscontracten, piekvermogen proberen te voorkomen, elektriciteit opslaan en opgewekte elektriciteit met elkaar delen.

De mogelijke aanleg van de Lelylijn met een station in Drachten biedt op termijn grote kansen om de mobiliteit in de gemeente en de regio verder te verduurzamen. Deze ontwikkeling kan zorgen voor een economische impuls en is een sterke drager van stedelijke intensivering en verdichting, wat gunstig is voor het draagvlak voor meer duurzame vormen van lokale mobiliteit en ketenmobiliteit.

Onderzoek van de Rabobank laat zien dat Smallingerland in 2024 naar verwachting deel uitmaakt van de derde economische groeiregio van Nederland.



3. Gau, lykwichtich en duorsum bouwe

Fanwegen de hege wenningneed is yn de ôfrûne jierren faasje makke mei it útwreidzjen fan it wenningoanbod yn gemeente Smellingerlân. Mei de Ontwikkelstrategie wurde yn dizze kolleezjeperioade 650 à 700 wenningen oan de besteande wenningfoarried taheakke. Dêrneist binne der noch in hiel soad oare wenningbouprojekten, lykas Vrijburgh 2 en 3, In de Luwte en in soad partikuliere inisjativen. Dêrmei lizze wy op koers mei de doelstellingen.

Yn de *Woonvisie 2020-2025* hawwe wy de ambysje dellein om oant en mei 2025 1000 wenningen te bouwen. Yn it koalysje-akkoart is dy ambysje ophege mei 500 wenningen oant en mei 2030. Dat is in opjefte fan yn totaal 1500 wenningen oant en mei 2030 en by 31% dêrfan giet it om sosjale hierwenningen. Yn 2022 binne yn totaal 127 wenningen realisearre en yn 2023 215 wenningen.

Foar de útfiering fan de *Woonvisie 2020-2025* is in Ontwikkelstrategie foar de wenningbou opsteld, dy't ús by steat stelt om de wenningbou, mei each foar ferskate doelgroepen, te ferhastigjen. Yn de Ontwikkelstrategie binne benammen yn-wreidingslokaasjes opnaam, bygelyks op lokaasjes mei leechkommende skoalgebouwen of braaklizzende grûn. Sûnt dy tiid binne ferspraat oer Drachten ferskate pannen en terreinen oankocht foar fierdere ûntwikkeling.

Foar de sosjale hierwenningmerk hat de gemeente yn maaie 2022 in konvenant sletten mei de wenningkorporaasjes Accolade en WoonFriesland foar it bouwen fan rom 300 wenningen oant 2030.



Oan de Gielfinkstrjitte yn Drachten binne 40 sosjale hierwenningen realisearre.



Foto fia Blue Banner RED

As ûnderdiel fan Vrijburgh 2 wurde oan de Bûterblom yn Drachten sawol keap- as sosjale hierwenningen boud.

Dy 300 sosjale hierwenningen moatte telâne komme op de lokaasjes fan de Ontwikkelstrategie en yn Vrijburgh 2. De ôfrûne jierren binne der ek al sosjale hierwenningen realisearre, wêrûnder 40 wenningen oan de Gielfinkstrjitte en 35 libbensrinbestindige apparteminten oan De Warren.

Foar útfiering fan de Ontwikkelstrategie is yn it ramt fan de Woningbouwimpuls yn 2023 in rykssubsydzje fan 6,3 miljoen euro takend oan ûntwikkelingen mei in ûnrendabele top. De ekstra ynvestearingen wurde ynset om ek op minder koerante lokaasjes mear te fertichtsjen en om sosjale hierwenningen te realisearjen.

Dêrneist binne der yn Drachten in tal útwreidingslokaasjes. Yn de maitiid fan 2024 is úteinset mei de bou fan yn totaal 56 wenningen, sawol keap as sosjale hier, op de lokaasje Bûterblom yn de wyk Vrijburgh 2. Dêr wurdt wurke oan in duorsume en bernfreonlike wyk mei úteinlik sa'n 150 wenningen middenmank grien en wetter. Ek de tariedingen foar Vrijburgh 3 binne úteinset en der wurdt neitocht oer de ynfolging. Dêr is romte foar

alderhande ferskillende wenfoarmen en sirkulêr bouwen. Vrijburgh 3 is in pilotprojekt foar Circulair Fryslân. It projekt In de Luwte I oan de Drachtster Feart befettet 161 wenningen en 3 dielplannen. De lêste wenningen fan it projekt wurde mominteel boud. Yn 2023 is úteinset mei de bou fan 17 havenwenningen en yn 2024 wurdt úteinset mei 13 rigewenningen.

Ek yn de doarpen wurdt boud. It giet meastal om partikuliere inisjativen dêr't guon wenningen by taheakke wurde, mar tink ek oan de ûntwikkeling fan 5 starterswenningen en 2 libbensrinbestindige wenningen op de lokaasje fan basisskoalle De Bernebrêge yn De Pein (ûnderdiel Ontwikkelstrategie), it realisearre appartemintekompleks oan it Wetterfront yn Aldegea en de útwreiding Middelgeast by Boarnburgum.

3. Snel, evenwichtig en duurzaam bouwen

Vanwege de hoge woningnood is in de afgelopen jaren vaart gemaakt met het uitbreiden van het woningaanbod in gemeente Smallingerland. Met de Ontwikkelstrategie worden in deze collegeperiode 650 à 700 woningen aan de bestaande voorraad toegevoegd. Daarnaast zijn er nog vele andere woningbouwprojecten, zoals Vrijburgh 2 en 3, In de Luwte en vele particuliere initiatieven. Daarmee liggen we op koers met de doelstellingen.

In de *Woonvisie 2020-2025* hebben we de ambitie neergelegd om tot en met 2025 1000 woningen te bouwen. In het coalitieakkoord is deze ambitie opgehoogd met 500 woningen tot en met 2030. Dat is een opgave van in totaal 1500 woningen tot en met 2030, waarvan 31% sociale huurwoningen. In 2022 zijn in totaal 127 woningen gerealiseerd en in 2023 215 woningen.

Voor de uitvoering van de *Woonvisie 2020-2025* is een Ontwikkelstrategie voor de woningbouw opgesteld, die ons in staat stelt om de woningbouw, met oog voor verschillende doelgroepen, te versnellen. In de Ontwikkelstrategie zijn voornamelijk inbreidingslocaties opgenomen, bijvoorbeeld op locaties met leegkomende schoolgebouwen of braakliggende grond. Sindsdien zijn verspreid over Drachten diverse panden en terreinen aangekocht voor verdere ontwikkeling.

Voor de sociale huurwoningmarkt heeft de gemeente in mei 2022 een convenant gesloten met de woningcorporaties Accolade en WoonFriesland voor het bouwen van ruim 300 woningen tot 2030.



Aan de Geelgorsstraat in Drachten zijn 40 sociale huurwoningen gerealiseerd.



Foto via Blue Banner RED

Als onderdeel van Vrijburgh 2 worden aan de Boterbloem in Drachten zowel koop- als sociale huurwoningen gebouwd.

Deze 300 sociale huurwoningen moeten landen op de locaties van de Ontwikkelstrategie en in Vrijburgh 2. De afgelopen jaren zijn er ook al sociale huurwoningen gerealiseerd, waaronder 40 woningen aan de Geelgorsstraat en 35 levensloopbestendige appartementen aan De Warren.

Voor uitvoering van de Ontwikkelstrategie is in het kader van de Woningbouwimpuls in 2023 een rijks subsidie van 6,3 miljoen euro toegekend aan ontwikkelingen met een onrendabele top. De extra investeringen worden ingezet om ook op minder courante locaties meer te verdichten en om sociale huurwoningen te realiseren.

Daarnaast zijn er in Drachten een aantal uitbreidingslocaties. In het voorjaar van 2024 is gestart met de bouw van in totaal 56 woningen, zowel koop als sociale huur, op de locatie Boterbloem in de wijk Vrijburgh 2. Hier wordt gewerkt aan een duurzame en kindvriendelijke wijk met uiteindelijk circa 150 woningen te midden van groen en water. Ook de voorbereidingen voor Vrijburgh 3 zijn gestart en er wordt nagedacht over de invulling.

Hier is ruimte voor allerlei verschillende woonvormen en circulair bouwen. Vrijburgh 3 is een pilotproject voor Circulair Fryslân. Het project In de Luwte I aan de Drachtstervaart bevat 161 woningen en 3 deelplannen. De laatste woningen van het project worden momenteel gebouwd. In 2023 is gestart met de bouw van 17 havenwoningen en in 2024 wordt gestart met 13 rijwoningen.

Ook in de dorpen wordt gebouwd. Het gaat veelal om particuliere initiatieven waarbij enkele woningen worden toegevoegd, maar denk ook aan de ontwikkeling van 5 starterswoningen en 2 levensloopbestendige woningen op de locatie van basisschool De Bernebrêge in Opeinde (onderdeel Ontwikkelstrategie), het gerealiseerde appartementencomplex aan het Waterfront in Oudega en de uitbreiding Middelgeast bij Boornbergum.

4. Sosjaal domein

Yn de ôfrûne jierren is der hurd wurke oan de transformaasje fan it Sosjaal Domein. Dat hat resultarre yn konkrete stappen op it mêd fan fyzje en útfiering. It Koersplan is koart nei it oantreden fan it kolleezje yn de ried fêststeld. Yn it Koersplan is de fyzje konkreet útwurke nei maatskiplike resultaten.

Yn it resint fêststelde Utfieringsprogramma 2024 sille de gemeente en har gearwurkingspartners yn it sosjaal domein en dêrbûten oan de slach mei fiif opjeften dy't útinoar falle yn konkrete projekten, (oanpassingen yn) tsjinstferliening en oare aktiviteiten. Der is yntinsyf gearwurke mei ferskate organisaasjes en belanghawwenden om it Utfieringsprogramma op te stellen. It ferfolch-trajekt jouwe wy mei dizze partners foarm, sadat wy yntegraal wurkje oan it heljen fan ús maatskiplike resultaten.

Oer de hiele liny is ynset op de basisgedachte fan it koälysje-akkoart: normalisearjen en previnsje. Dêrby is wurke oan mear gearhing yn it realisearjen fan de fjouwer ambysjes. In goed foarbyld dêrfan is it yn 2023 úteinsetten Ontwerpteam Jeugd, dêr't meiwurkers fan gemeente Smellingerlân yn gearwurkje mei maatskiplike partners lykas Carins, M.O.S., GGD, Sportbedrijf Drachten en De Lawei. Dat Ontwerpteam sjocht yntegraal nei it fraachstik hoe't it bern of de jongere yn kwestje sûn opgroeie kin en him/har ûntwikkelje kin. Dat bart ûnder mear troch se selsredsumer te meitsjen, it systeem om de folgjende generaasje hinne fuort te sterkjen, minder yn te setten op yndisearjen en mear op it previntyf ferstevigjen fan harren leefomstannichheden.

Dêrby hat bliken dien dat de ynset fan skoalkonsulinten fan Carins en de pilot Buurtgezinnen suksesfolle helpmiddels binne. It tal fte's foar de skoalkonsulinten is útwreide fan 3,5 nei 7,3. Mei de ynset fan Buurtgezinnen rint Drachten foar op de regio: it tal realisearre keppelingen leit justjes boppe it getal dat neistribbe wurdt en der is in dúdlike link mei it ferminderjen fan soarchfragen.

Mei yngong fan 2023 wurdt der yn ús gemeente ûnder de namme HOPPA! útfiering jûn oan de lanlike oanpak Opgroeien in een Kansrijke Omgeving (OKO), ûntwikkele troch it Trimbos Instituut. HOPPA! is rjochte op it lokkiger en sûner opgroeie litten fan jongerein tusken 10 en 20 jier. Dêrby wurdt ynset op in positive, sûne en feilige leefomjouwing. HOPPA! wurdt útfierd yn nauwe gearwurking mei HOPPA!-partners lykas skoallen en frijetiidsoanbieders. It ôfrûne jier is der mei en troch de jongerein in soad ynvestearre yn it frijetiidsoanbod. Dêrneist is yn 2023 it earste twajierlikse OKO-ûndersyk útfierd yn de klassen 2 en 4 fan it fuortset ûnderwiis. Oer de resultaten is yn juny 2024 in dialoochsesje mei belutsenen organisearre.

It op previnsje rjochte belied hat út it Ryk wei in stevige ympuls krigen troch it Gezond en Actief Leven Akkoord (GALA) en it Integraal Zorgakkoord (IZA, op provinsjaal nivo FRIZA).



Fotograaf: Sieta Stel

Yn july 2023 is de earste peal slein foar it nije ûnderkommen fan s(b)û-skoallen yn Drachten.

GALA is rjochte op in lokale/regionale yntegrale oanpak op it mêd fan previnsje, sosjale basis en sûnens. GALA past binnen it IZA, dat him rjochtet op it noch bredere palet fan it tagonklik hâlden fan passende soarch. Foar de útwurking fan dy akkoarden wurkje gemeenten, GGD, soarchfersekerders en soarchoanbieders gear. Gemeente Smellingerlân hat as mandatearre gemeente fan Fryslân yn FRIZA de rol fan paadsliochter oppakt. Yn juny 2023 is in Regiobyld oplevere en yn desimber 2023 it Regioplan.

Begjin 2024 is it útfieringsplan Armoedepact Smellingerland fêststeld; it konvenant is ûnderwilens ûndertekene troch sa'n 30 partijen, wêrûnder Expertisecentrum Sterk uit armoede, Stichting Kredietbank Nederland, GGD Fryslân, ferskate skoallen en oare libbensskôchlike, kulturele en maatskiplike ynstellingen. Sadwaande kin no mei-inoar wurke wurde oan it foarkommen, trochbrekken en bestriden fan earmoede (fan generaasje op generaasje) en de gefolgen dêrfan.



Fotograaf: Sieta Stel

Op 7 maart 2023 brocht minister Carola Schouten tegearre mei wethâlder Pieter van der Zwan in besite oan it bedriuw Metalis yn it ramt fan Smellingerland Inclusief.

4. Sociaal domein

In de afgelopen jaren is hard gewerkt aan de transformatie van het Sociaal Domein. Dit heeft geresulteerd in concrete stappen op het gebied van visie en uitvoering. Het Koersplan is kort na aantreden van het college in de raad vastgesteld. In het Koersplan is de visie concreet uitgewerkt naar maatschappelijke resultaten.

In het recent vastgestelde Uitvoeringsprogramma 2024 gaan de gemeente en haar samenwerkingspartners in het sociaal domein en daarbuiten aan de slag met vijf opgaven die uiteenvallen in concrete projecten, (aanpassingen in) dienstverlening en andere activiteiten. Er is intensief samengewerkt met diverse organisaties en belanghebbenden om het Uitvoeringsprogramma op te stellen. Het vervolgtraject geven we samen met deze partners vorm, zodat we integraal werken aan het behalen van onze maatschappelijke resultaten.

Over de hele linie is ingezet op de basisgedachte van het coalitieakkoord: normaliseren en preventie. Hierbij is toegewerkt naar meer samenhang in het realiseren van de vier ambities. Een goed voorbeeld daarvan is het in 2023 opgestarte Ontwerpteam Jeugd, waarin medewerkers van gemeente Smallerland samenwerken met maatschappelijke partners zoals Carins, M.O.S., GGD, Sportbedrijf Drachten en De Lawei. Dit Ontwerpteam kijkt integraal naar het vraagstuk hoe het kind of de jongere in kwestie gezond kan opgroeien en zich kan ontwikkelen. Dat gebeurt onder meer door ze zelfredzamer te maken, het systeem om de volgende generatie heen te versterken, minder in te zetten op indiceren en meer op het preventief verstevigen van hun leefomstandigheden.

Daarbij zijn de inzet van schoolconsulenten van Carins en de pilot Buurtgezinnen succesvolle hulpmiddelen gebleken. Het aantal fte's voor de schoolconsulenten is uitgebreid van 3,5 naar 7,3. Met de inzet van Buurtgezinnen loopt Drachten voor op de regio: het aantal gerealiseerde koppelingen ligt iets boven het streefgetal en er is een duidelijke link met het verminderen van zorgvragen.

Met ingang van 2023 wordt er in onze gemeente onder de naam HOPPA! uitvoering gegeven aan de landelijke aanpak Opgroeien in een Kansrijke Omgeving (OKO), ontwikkeld door het Trimbos Instituut. HOPPA! is gericht op het gelukkiger en gezonder laten opgroeien van jeugdigen tussen 10 en 20 jaar. Hierbij wordt ingezet op een positieve, gezonde en veilige leefomgeving. HOPPA! wordt uitgevoerd in nauwe samenwerking met HOPPA!-partners zoals scholen en vrijetijdsaanbieders. Het afgelopen jaar is er met en door jongeren veel geïnvesteerd in het vrijetijdsaanbod. Daarnaast is in 2023 het eerste tweejaarlijkse OKO-onderzoek uitgevoerd in de klassen 2 en 4 van het voortgezet onderwijs. Over de resultaten is in juni 2024 een dialoogsessie georganiseerd met betrokkenen.

Het op preventie gerichte beleid heeft vanuit het Rijk een stevige impuls gekregen door het Gezond en Actief Leven Akkoord (GALA) en het Integraal Zorgakkoord (IZA, op provinciaal niveau FRIZA).



Fotograaf: Sieta Stel

In juli 2023 is de eerste paal geslagen voor de nieuwe huisvesting van s(b)o-scholen in Drachten.

GALA is gericht op een lokale/regionale integrale aanpak op het gebied van preventie, sociale basis en gezondheid. GALA past binnen het IZA, dat zich richt op het nog bredere palet van het toegankelijk houden van passende zorg. Voor de uitwerking van deze akkoorden werken gemeenten, GGD, zorgverzekeraars en zorgaanbieders samen. Gemeente Smallerland heeft als gemandateerde gemeente van Friesland in FRIZA een voortrekkersrol gepakt. In juni 2023 is een Regiobeeld opgeleverd en in december 2023 het Regioplan.

Begin 2024 is het uitvoeringsplan Armoedepact Smallerland vastgesteld; het convenant is inmiddels ondertekend door zo'n 30 partijen, waaronder Expertisecentrum Sterk uit armoede, Stichting Kredietbank Nederland, GGD Fryslân, diverse scholen en andere levensbeschouwelijke, culturele en maatschappelijke instellingen. Zodoende kan nu gezamenlijk gewerkt worden aan het voorkomen, doorbreken en bestrijden van armoede (van generatie op generatie) en de gevolgen ervan.



Fotograaf: Sieta Stel

Op 7 maart 2023 bezocht minister Carola Schouten samen met wethouder Pieter van der Zwan het bedrijf Metalis in het kader van Smallerland Inclusief.

5. Stimulearje fan sport en kultuer

Sport en kultuer drage by oan sûnens en wolwêzen fan ús ynwenners en oan ferbining yn de mienskip. De oanwêzigens fan in sterke sosjale basisynfrastruktuer is fan grut belang foar in goed leefklimaat yn ús gemeente en ûnmisber yn it ramt fan previnsje. Tink dêrby ûnder mear oan maatskiplike organisaasjes lykas De Lawei, Museum Dr8888, Iduna, Sportbedrijf Smallingerland, Bibliotheek Drachten, ferieningen en frijwilligersorganisaasjes, en de dêrby hearrende fasiliteiten. Wy sette yn op it berikber meitsjen en hâlden fan dy foarsjenningen foar alle ynwenners.

Yn it Sportakkoord Smallingerland is in lokale alliansje realisearre fan in grut tal maatskiplike partners op it mêd fan sport en bewegen, wêrûnder Sportbedrijf Drachten, Sûnenz en ferskate sportferieningen. De gemeente stipet en fasilitearret dy inisjativen ta gearwurking, ek yn in breder ferbân mei bygelyks M.O.S. en Carins. Ut it Beweechbelied wei is der in strukturele ferbining mei de romtlike ynrjochting, om ek it bewegen yn de iepenbiere romte te stimulearjen.

De nijbou foar swimsintrum De Welle betsjut in wichtige stap yn de fierdere ûntwikkeling fan de sportynfrastruktuer yn Smellingêrlân en makket it foar in soad ynwenners fan ús gemeente mooglik om sûn te bewegen. Bûtendat wurdt it ien fan de meast duorsume swimfoarsjenningen fan Nederlân. Neist it tapassen fan nije techniken en heechwaardige isolaasje yn it oarspronklike ûntwerp, binne der ekstra middels takend foar it opwekjen en opslaan fan eigen enerzjy fia sinnepanielen, heco-pipes en bio-based akku's.

Om sport en kultuer foar elkenien yn Smellingêrlân te ûntsluten, is ynset op Sportfonds Smallingerland foar folwoeksenen en Jeugdfonds Sport en Cultuur. It Sportfonds Smallingerland is sawol struktureel as ynsidinteele finansiêre. Der is in gearwurking realisearre mei Jeugdfonds Sport en Cultuur. It berik is grutter as ferwachte (sjoch figueren 6 en 7) en it foarsjocht dúdlik yn in ferlet. Soksoarte foarsjenningen helpe echt om sport en kultuer foar elkenien tagonklik te meitsjen en te hâlden, nettsjinsteande leeftyd, finansjele en maatskiplike omstannichheden.

Sportfonds Smallingerland 2023	
Oanfragen Sportfonds	483
Definitive Sportkaart	360
Minsken út 'e bystân	320
Oanfraach foar klean/materiaal	257
Trochsneed fûnsoanfraach	€ 312,48

Figuer 6



De Welle wurdt ien fan de meast duorsume swimfoarsjenningen yn Nederlân.

Foto fia Sportbedrijf Drachten

Yn de begutting foar 2024 is dan ek jild reservearre foar de fierdere ûntwikkeling dêrfan.

It projekt Cultuuronderwijs op de scholen is in grut sukses. Alle basisskoallen yn de gemeente dogge mei. Mei in berik fan 100% fan alle basisskoallebern yn ús gemeente stimulearje wy de folgjende generaasje om in kar oan kulturele aktiviteiten aktyf en passyf te belibjen. Yn 2024 sil Simmerdeis wer plakhawwe. De yntinsje is om ek yn 2025 en dêrnei dat festival mei in soad gearwurkingspartners te organisearjen. Bibliotheek Drachten is as Beste Bibliotheek van Nederland in goed foarbyld fan it kombinearjen fan kulturele en maatskiplike doelstellingen, en dêrmei in bynmiddel foar de mienskip. Dêr binne wy grutsk op. De nij- en ferbou fan Museum Dr8888 jout in wichtige ympuls oan it tagonklik meitsjen fan regionale en (ynter)nasjonale keunst en kultuer. De gearwurking dy't no al plakhat mei maatskiplike partners lykas ûnderwiis en wolwêzen, wurdt mei dy útwreiding stevich ferankere.

Gemeente Smellingêrlân wol it aktive en passive dielnimmen oan sport en kultuer bliuwend stimulearje en fasilitearje, mar moat dêrby ek de finansjele kaders yn it each hâlde. By it fêststellen fan de begutting is besletten opnij útein te setten mei de yndeksearring fan kulturele en sportynstellingen. Om de ynstellingen dy't mei frijwilligers wurkje by te stean yn harren syktocht nei nije frijwilligers en it boargjen fan de kwaliteit fan de bestjoeren, is by M.O.S. in funksjonaris beneamd om de ferskate frijwilligersnetwurken byinoar te bringen en fuort te sterkjen.



It Dada-monumint op it Riedhúsplein is in foarbyld fan yntegrale gearwurking (mei ûnder mear Museum Dr8888 en De Sluisfabriek) dêr't kultuer en de iepenbiere romte yn byinoar komme.

Jeugdfonds Sport & Cultuur Fryslân, gemeente Smellingêrlân 2023

Oanfragen sport	392
Oanfragen kultuer	56
Goedkarde oanfragen	448
Trochsneed sportbydrage it bern it jier	€ 301
Trochsneed kultuerbydrage it bern it jier	€ 374
Totaal oanfrege bedrach	€ 152.665,11

Figuer 7

5. Stimulering sport en cultuur

Sport en cultuur dragen bij aan gezondheid en welzijn van onze inwoners en aan verbinding in de mienskip. De aanwezigheid van een sterke sociale basisinfrastructuur is van groot belang voor een goed leefklimaat in onze gemeente en onmisbaar in het kader van preventie. Denk daarbij onder meer aan maatschappelijke organisaties zoals De Lawei, Museum Dr8888, Iduna, Sportbedrijf Smalingerland, Bibliotheek Drachten, verenigingen en vrijwilligersorganisaties, en de bijbehorende faciliteiten. Wij zetten in op het bereikbaar maken en houden van deze voorzieningen voor alle inwoners.

In het Sportakkoord Smalingerland is een lokale alliantie gerealiseerd van een groot aantal maatschappelijke partners op het gebied van sport en bewegen, waaronder Sportbedrijf Drachten, Sûnenz en diverse sportverenigingen. De gemeente ondersteunt en faciliteert deze initiatieven tot samenwerking, ook in een breder verband met bijvoorbeeld M.O.S. en Carins. Vanuit het Beweegbeleid is er een structurele verbinding met de ruimtelijke inrichting, om ook het bewegen in de openbare ruimte te stimuleren.

De nieuwbouw voor zwemcentrum De Welle betekent een belangrijke stap in de verdere ontwikkeling van de sportinfrastructuur in Smalingerland en maakt het voor veel inwoners van onze gemeente mogelijk om gezond te bewegen. Bovendien wordt het een van de meest duurzame zwemvoorzieningen van Nederland. Naast het toepassen van nieuwe technieken en hoogwaardige isolatie in het oorspronkelijke ontwerp, zijn extra middelen toegekend voor het opwekken en opslaan van eigen energie via zonnepanelen, heco-pipes en bio-based accu's.

Om sport en cultuur voor iedereen in Smalingerland te ontsluiten, is ingezet op Sportfonds Smalingerland voor volwassenen en Jeugdfonds Sport en Cultuur. Het Sportfonds Smalingerland is zowel structureel als incidenteel gefinancierd. Er is een samenwerking gerealiseerd met Jeugdfonds Sport en Cultuur. Het bereik is groter dan verwacht (zie figuren 6 en 7) en het voorziet duidelijk in een behoefte. Dergelijke voorzieningen helpen daadwerkelijk om sport en cultuur voor iedereen toegankelijk te maken en te houden, ongeacht leeftijd, financiële en maatschappelijke omstandigheden.

Sportfonds Smalingerland 2023	
Aanvragen Sportfonds	483
Definitieve Sportkaart	360
Mensen uit de bijstand	320
Aanvraag voor kleding/materiaal	257
Gemiddelde fondsaanvraag	€ 312,48

Figuur 6



De Welle wordt een van de meest duurzame zwemvoorzieningen van Nederland.

Foto via Sportbedrijf Drachten

In de begroting voor 2024 is dan ook geld gereserveerd voor de verdere ontwikkeling hiervan.

Het project Cultuuronderwijs op de scholen is een groot succes. Alle basisscholen in de gemeente doen mee. Met een bereik van 100% van alle basisschoolkinderen in onze gemeente stimuleren we de volgende generatie tot het actief en passief beleven van een keur aan culturele activiteiten. In 2024 gaat Simmerdeis weer plaatsvinden. De intentie is om ook in 2025 en daarna dit festival met vele samenwerkingspartners te organiseren. Bibliotheek Drachten is als Beste Bibliotheek van Nederland een goed voorbeeld van het combineren van culturele en maatschappelijke doelstellingen, en daarmee een bindmiddel voor de mienskip. Daar zijn we trots op. De nieuw- en verbouw van Museum Dr8888 geeft een belangrijke impuls aan het toegankelijk maken van regionale en (inter)nationale kunst en cultuur. De samenwerking die nu al plaatsvindt met maatschappelijke partners zoals onderwijs en welzijn, wordt met deze uitbreiding stevig verankerd.

Gemeente Smalingerland wil de actieve en passieve deelname aan sport en cultuur blijven stimuleren en faciliteren, maar moet daarbij ook de financiële kaders in het oog houden. Bij het vaststellen van de begroting is besloten de indexatie van culturele en sportinstellingen te herstarten. Om de instellingen die werken met vrijwilligers bij te staan in hun zoektocht naar nieuwe vrijwilligers en het borgen van de kwaliteit van de besturen, is bij M.O.S. een functionaris benoemd om de diverse vrijwilligersnetwerken bij elkaar te brengen en te versterken.



Het Dada-monument op het Raadhuisplein is een voorbeeld van integrale samenwerking (met onder meer Museum Dr8888 en De Sluisfabriek) waarbij cultuur en de openbare ruimte bij elkaar komen.

Jeugdfonds Sport & Cultuur Fryslân, gemeente Smalingerland 2023	
Aanvragen sport	392
Aanvragen cultuur	56
Goedgekeurde aanvragen	448
Gemiddelde sportbijdrage per kind per jaar	€ 301
Gemiddelde cultuurbijdrage per kind per jaar	€ 374
Totaal aangevraagd bedrag	€ 152.665,11

Figuur 7

6. Duorsum, earlik en grien

Gemeente Smellingerlân ferfollet in fasilitearjende en stimulearjende rol by it heljen fan de duorsumensdoelstellingen fan de gemeente en it Ryk. Dêrby sykje wy de gearwurking mei ûndernimmers, ynwenners en oare belanghawwenden.

Mei de nijbou foar it spesjaal (basis)ûnderwiis, swimsintrum De Welle, de ferbou fan it gemeentehûs en de ferduorsuming fan it gemeentlik weinpark wolle wy as gemeente it goede foarbyld jaan.

It projekt Oudega aan het Water is ûnderdiel fan de gebietsoanpak Oostelijke Poort Friese Meren (OFPM). Underdielen op it mêd fan klimaatadaptaasje en bioferskaat dy't ûnderwilens realisearre binne, binne mear romte foar wetter (it graven fan in mar) en greidefûgels, de oanplant fan grien, en ekologyske maatregels lykas útsteld meanbehear. Dat lêste bart yn kombinaasje mei it op de winske wize bestriden fan eksoaten en úthiemske planten.

It sinnefjild by De Pein is oanlein en leveret stream fan maitiid 2024 ôf. Yn it doarp wurdt wurke oan it oprjochtsjen fan in enerzjykoöperaasje. De gemeente stipet de enerzjytransysje-koöperaasje yn De Wylgen, Smelle Ie en Bûtenstfallaat mei harren aktiviteiten om ynwenners te helpen by de enerzjytransysje.

Underdiel fan harren aktiviteiten is de realisaasje fan in kollektyf sinnedak, dat stream leveret fan maitiid 2024 ôf. Sinnefjild en sinnedak drage by oan de doelstellingen foar it opwekjen fan duorsume enerzjy.

Foar fragen fan ynwenners oer it isolearjen, ferduorsumjen en enerzjysunich meitsjen fan de eigen wenning binne it Duurzaam Bouwloket en de enerzjycoaches beskikber. De ynwenner kin dêr ek terjochte foar help by oanfragen fan subysdzjes en finansiering fan de maatregels. Dêrneist besjogge de enerzjycoaches by hûsbesites of húshâldens yn 'e beneaming komme foar in wytguodwiksel. De gemeente finansiert dan de oanskaf fan in enerzjysunige wasmasine, kuolkast of friezer.

Mei 14 Fryske gemeenten is it Nacionaal Isolatie Programma útwurke yn in Lokale Aanpak; de regeling is fan start gien yn it twadde fearnsjier fan 2024. Gemeente Smellingerlân hat € 2,1 miljoen beskikber om wenningen mei in D-, E-, F- en G-label en in WOZ-wearde oant



len fan de klimaatadaptive ûnderdielen fan it projekt Oudega aan het Water wie it graven fan in mar yn it ramt fan 'mear romte foar wetter'.

Foto fia Doarpsbelang Aldegea

maksimaal € 285.000 te ferduorsumjen. Dêrneist hat it kolleezje besletten vouchers beskikber te stellen oan eigers fan keapwenningen foar maatwurkadvis. Dêrmei krije eigers ynsjoch yn hokker isolaasjemaatregels sy it bêste útfiere kinne.

Op it mêd fan waarmtetransysje binne twa ûntwikkelingen fan belang: foar de tapassing fan waarmte út oerflaktewetter is in ûndersyk yn De Wylgen, Smelle Ie en Bûtenstfallaat ôfrûne en is it útfieringsplan foar ierdgasfrije wiken úteinset. Foar Drachten Súdeast en Sintrum wurdt de opsje ûndersocht om waarmte op basis fan ierdwaarmte te leverjen. Om waarmte fia in kollektyf systeem by partikulieren of bedriuwen ôf te leverjen is in waarmtebedriuw needsaaklik. De gemeente ûndersiket har rol yn dat waarmtebedriuw en wol dêr dit jier in beslút oer nimme.

Der binne ekstra middels frijmakke om de duorsume ambysjes fan de gemeente te realisearjen. Neist boppesteande beneamde inisjativen binne der de ôfrûne perioade noch in soad oare inisjativen yn de stegers set. De kommende perioade is it de ferwachting dat de tarieding liede sil ta noch mear konkreet merkber resultaten.



It sinnefjild by De Pein is oanlein en leveret stream fan maitiid 2024 ôf.

6. Duurzaam, eerlijk en groen

Gemeente Smallingerland vervult een faciliterende en stimulerende rol bij het behalen van de duurzaamheidsdoelstellingen van de gemeente en het Rijk. Daarbij zoeken wij de samenwerking met ondernemers, inwoners en andere belanghebbenden.

Met de nieuwbouw voor het speciaal (basis)onderwijs, zwembad De Welle, de verbouw van het gemeentehuis en de verduurzaming van het gemeentelijk wagenpark willen we als gemeente het goede voorbeeld geven.

Het project Oudega aan het Water is onderdeel van de gebiedsaanpak Oostelijke Poort Friese Meren (OFPM). Onderdelen op het gebied van klimaatadaptatie en biodiversiteit die inmiddels zijn gerealiseerd, zijn meer ruimte voor water (het graven van een meer) en weidevogels, de aanplant van groen, en ecologische maatregelen zoals uitgesteld maaibeheer. Dit laatste gebeurt in combinatie met het op de gewenste manier bestrijden van exoten en uitheemse planten.

Het zonneveld bij Opeinde is aangelegd en levert stroom vanaf voorjaar 2024. In het dorp wordt gewerkt aan het oprichten van een energiecoöperatie. De gemeente ondersteunt de energietransitiecoöperatie in De Wilgen, Smalle Ee en Buitenstvallaat met hun activiteiten om inwoners te helpen bij de energietransitie.

Onderdeel van hun activiteiten is de realisatie van een collectief zonnedak, dat stroom levert vanaf voorjaar 2024. Zonneveld en zonnedak dragen bij aan de doelstellingen voor de opwekking van duurzame energie.

Voor vragen van inwoners over het isoleren, verduurzamen en energiezuinig maken van de eigen woning zijn het Duurzaam Bouwloket en de energiecoaches beschikbaar. De inwoner kan hier ook terecht voor hulp bij het aanvragen van subsidies en financiering van de maatregelen. Daarnaast bekijken de energiecoaches bij huisbezoeken of huishoudens in aanmerking komen voor een witgoedwissel. De gemeente financiert dan de aanschaf van een energiezuinige wasmachine, koelkast of vriezer.

Samen met 14 Friese gemeenten is het Nationaal Isolatie Programma uitgewerkt in een Lokale Aanpak; de regeling is van start gegaan in het tweede kwartaal van 2024. Gemeente Smallingerland heeft € 2,1 miljoen beschikbaar om woningen met een D-, E-, F- en G-label en een WOZ-waarde tot



Een van de klimaatadaptieve onderdelen van het project Oudega aan het Water was het graven van een meer in het kader van 'meer ruimte voor water'.

Foto via Dorpsbelang Oudega

maximaal € 285.000 te verduurzamen. Daarnaast heeft het college besloten vouchers beschikbaar te stellen aan eigenaren van koopwoningen voor maatwerkadvies. Daarmee krijgen eigenaren inzicht in welke isolatiemaatregelen zij het best kunnen uitvoeren.

Op het gebied van warmtetransitie zijn twee ontwikkelingen van belang: voor de toepassing van warmte uit oppervlaktewater is een onderzoek in De Wilgen, Smalle Ee en Buitenstvallaat afgerond en is het uitvoeringsplan voor aardgasvrije wijken gestart. Voor Drachten Zuidoost en Centrum wordt de optie onderzocht om warmte op basis van aardwarmte te leveren. Om warmte via een collectief systeem bij particulieren of bedrijven af te leveren is een warmtebedrijf noodzakelijk. De gemeente onderzoekt haar rol in dit warmtebedrijf en wil daar dit jaar een besluit over nemen.

Er zijn extra middelen vrijgemaakt om de duurzame ambities van de gemeente te realiseren. Naast bovenstaande benoemde initiatieven zijn er de afgelopen periode nog vele andere initiatieven in de steigers gezet. De komende periode is het de verwachting dat de voorbereiding zal leiden tot nog meer concreet merkbare resultaten.



Het zonneveld bij Opeinde is aangelegd en levert stroom vanaf voorjaar 2024.

7. Us strjitten en greiden

De iepenbiere romte is fan en foar ús ynwenners. As gemeente wolle wy sichtberder meitsje wat wy dogge om dy romte oantreklik, skjin en feilich te hâlden. In griene, duorsum ynrjochte omjouwing mei in soad romte foar fytsers en kuiers stiet dêrby foarop.

De iepenbiere romte yn Smellingerlân stiet sintraal as it hert fan moeting en sosjale gearhing. Dat beynfloedet de identiteit fan de gemeente en draacht by oan wengenot, sûnens en ekonomy. De gemeente hat ambisjeuze plannen fêstlein yn de Omjouwingsfyzje en Sosjale Koers, wêrûnder it klimaatadaptaasjeplan en mobiliteitskader. In wichtige útdaging is de ferfanging fan riolaringen yn fiif wiken yn Drachten. Dêrom wurdt der in behear- en ûntwerpkeader foar de iepenbiere romte opsteld, dat de ferskate opjeften yntegrearret. Dat foarmet in rjochtline foar it ynrjochtsjen fan in goede leefomjouwing.

Op 7 maaie 2024 is it beliedskader mobiliteit fêststeld. Dêryn jouwe wy yn nije romtlike plannen prioriteit oan fytsers en fuotgongers. Dat is al sichtber op it Riedhúsplein, dêr't de parkearfunksje ôfboud is as tarieding op de nije ynrjochting fan it plein as publike húskeamer fan Smellingerlân. Dêrneist sette wy yn op fierdere ferduorsuming, feiligens en útwreiding fan it iepenbier ferfier yn doarpen, bûtenwiken en bedriuweterreinen.

Troch it tapassen fan in fariabel taryf en maksimale parkeardoer yn en om it sintrum hinne, wolle wy ferkearsstreamen en it gebrûk fan parkearfoarsjenningen beynfloedzje.

De komst fan swimbad De Welle oan de Sportloane hat direkte gefolgen foar de omjouwing. De oanpassing fan krusing Ikesingel-Sportloane en it fytspaad lâns de Sportloane stiet foar kommand jier op de planning. Neist dy needsaaklike projekten is der ek de bestjoerlike wisk om de ûntwikkelingen oan de Sportloane oan te gripen om te ferkennen hokker kânsen der binne om mearwaarde te kreëarjen foar alle brûkers fan de Sportloane. Tema's dêrby binne ferkear, sosjale feiligens, duorsumens, bewege en grien.

Begjin 2024 is it Klimaatadaptaasjeplan fêststeld, mei in grienblauwe-struktuerekaart, klimaatadaptaasje-strategy en útfieringsaginda. By de ynrjochting en it behear fan de iepenbiere romte stie de ôfrûne perioade klimaatadaptaasje sintraal, dêr't in soad konkrete stappen by set binne.



Fotograaf: Harry Blokzijl

OBS De Bolder yn Drachten is ien fan de skoallen dêr't it skoalplein griener makke is, hjir yn it bywêzen fan wethâlder Maria le Roy.

Yn Drachten is in nije foarm fan wetterberging tapast: yn stee fan in fiver is keazen foar de oanlis fan in wiet broekbosk. Dat bosk is tegearre mei in ynformaasjepunt iepene yn de hjerst fan 2022. De skoalpleinen fan bygelyks basisskoallen De Pionier, De Plotter en De Bolder binne griener makke. Der is nij oerflaktewetter (in fiver) oanlein oan de Iksesingel. Ek is op gruttere skaal ekstinsyf behear tapast, dêr't minder faak by meand wurdt om it bioferskaat te befoarderjen. Yn 2023 is it meanbelied oanpast troch wer yntinsiver te meanen. It oanpaste belied hat derta lieden dat der in bettere balâns yn it meanen ûntstien is. Dat soarget foar mear bioferskaat en in kreazer meanbyld, sadat der minder klachten fan ynwenners wiene.



Hjerst 2022 is der in ynformaasjetafel ûntbleate oer it wiete broekbosk yn ûntwikkeling by De Drait.

7. Onze straten en weiden

De openbare ruimte is van en voor onze inwoners. Als gemeente willen we zichtbaarder maken wat we doen om die ruimte aantrekkelijk, schoon en veilig te houden. Een groene, duurzaam ingerichte omgeving met veel ruimte voor fietsers en wandelaars staat daarbij voorop.

De openbare ruimte in Smallingerland staat centraal als het hart van ontmoeting en sociale samenhang. Dat beïnvloedt de identiteit van de gemeente en draagt bij aan woongenot, gezondheid en economie. De gemeente heeft ambitieuze plannen vastgelegd in de Omgevingsvisie en Sociale Koers, waaronder het klimaatadaptatieplan en mobiliteitskader. Een belangrijke uitdaging is de vervanging van rioleringen in vijf wijken in Drachten. Daarom wordt er een beheer- en ontwerp kader voor de openbare ruimte opgesteld, dat de verschillende opgaven integreert. Dat vormt een leidraad voor het inrichten van een goede leefomgeving.

Op 7 mei 2024 is het beleidskader mobiliteit vastgesteld. Daarin geven we in nieuwe ruimtelijke plannen prioriteit aan fietsers en voetgangers. Dat is al zichtbaar op het Raadhuisplein, waar de parkeerfunctie is afgebouwd als voorbereiding op de nieuwe inrichting van het plein als publieke huiskamer van Smallingerland. Daarnaast zetten we in op verdere verduurzaming, veiligheid en uitbreiding van het openbaar vervoer in dorpen, buitenwijken en bedrijventerreinen.

Door het toepassen van een variabel tarief en maximale parkeerduur in en rondom het centrum, willen we verkeersstromen en het gebruik van parkeervoorzieningen beïnvloeden.

De komst van zwembad De Welle aan de Sportlaan heeft directe gevolgen voor de omgeving. De aanpassing van kruising Eikesingel-Sportlaan en het fietspad langs de Sportlaan staat voor komend jaar op de planning. Naast deze noodzakelijke projecten is er ook de bestuurlijke wens om de ontwikkelingen aan de Sportlaan aan te grijpen om te verkennen welke kansen er zijn om meerwaarde te creëren voor alle gebruikers van de Sportlaan. Thema's daarbij zijn verkeer, sociale veiligheid, duurzaamheid, bewegen en groen.

Begin 2024 is het Klimaatadaptatieplan vastgesteld, met een groenblauwe-structurenkaart, klimaatadaptatiestrategie en uitvoeringsagenda. Bij de inrichting en het beheer van de openbare ruimte stond de afgelopen periode klimaatadaptatie centraal, waarbij veel concrete stappen zijn gezet.



Fotograaf: Harry Blokzijl

OBS De Bolder in Drachten is een van de scholen waar het schoolplein groener is gemaakt, hier onder het toezicht van wethouder Maria le Roy.

In Drachten is een nieuwe vorm van waterberging toegepast: in plaats van een vijver is gekozen voor de aanleg van een nat broekbos. Dit bos is samen met een informatiepunt geopend in het najaar van 2022. De schoolpleinen van bijvoorbeeld basisscholen De Pionier, De Plotter en De Bolder zijn groener gemaakt. Er is nieuw oppervlaktewater (een vijver) aangelegd aan de Eikesingel. Ook is op grotere schaal extensief beheer toegepast, waarbij minder vaak wordt gemaaid om de biodiversiteit te bevorderen. In 2023 is het maai-beleid aangepast door weer intensiever te maaien. Het aangepaste beleid heeft ertoe geleid dat er een betere balans in het maaien is ontstaan. Dat zorgt voor meer biodiversiteit en een netter maai-beeld, waardoor er minder klachten van inwoners waren.



Najaar 2022 is een informatietafel onthuld over het natte broekbos in ontwikkeling bij De Drait.

8. In feilige gemeente

Feiligens en fertrouwen binne de basis fan in goed funksjonearjende mienskip. Dêrom sette wy dizze kolleezjeperioade stevich yn op it fuortsterkjen fan de iepenbiere oarder. In goede gearwurking yn it sosjaal domein is dêrby liedend. Uteinlik sjogge wy previnsje as de bêste wize om feiligens te bieden.

Om heldere kaders te kreëarjen, is it kearnbelied feiligens mei-inoar aktualisearre en fêststeld, lykas it hoarekabelied. De gearwurking tusken Iepenbiere Oarder en Feiligens en Sosjaal Domein is yntinsivearre. Ek is ynset op it profesjonelearjen fan de hanthavening en is in earste útwreiding realisearre fan it tal boa's. Yn de ôfrûne jierren is der hieltyd mear omtinken foar de oanpak fan ûndermining. Dêrby wurkje wy tagelyk oan de profesjonelearring fan ús eigen ynset. Sa is der bygelyks yn april 2023 yn in gearwurkingsferbân fan de Nederlandse Arbeidsinspectie, Douane Groningen, Nederlandse Voedsel- en Warenautoriteit, plysje en gemeente Smellingerlân in ûnderminingsaksje útfierd.

Cyberkriminaliteit hat in prominint plak krigen yn it kearnbelied feiligens. De komst fan in nije Chief Information Security Officer (CISO) en twa privacy officers (in nij ynfierde funksje) jout in ympuls oan it kombinearjen fan privacybeskerming en ynformaasjebeveiliging. Der is in ynterne bewustwurdingskampanje opset yn de foarm fan in online wurkwinkelrige foar meiwurkers en ried. De doelen dêrfan binne ûnder oare it tsjingeane fan datalekken en it kreëarjen fan in bewuste omgong mei persoansgegevens fan ynwenners.

Op dit stuit wurdt der wurke oan in nij evenemintebelied. Dêrfoar sjogge wy breed nei de ferskate rollen fan de gemeente by eveneminten. Dat giet om in feilich ferrin fan eveneminten en om de oantreklikens fan ús gemeente foar ynwenners en besikers troch oansprekkende eveneminten te organisearjen. Underwilens soargje wy derfoar dat de eveneminten dy't der binne sa goed en feilich mooglik ferrinne, yn ôfstimming mei ús kettingpartners lykas de plysje.



De Feiligensdei op it Kiryat-Onoplein yn Drachten op 8 juny 2024 is in moai foarbyld fan de gearwurking fan gemeente Smellingerlân mei alderhande partners út it feiligensdomein.

8. Een veilige gemeente

Veiligheid en vertrouwen zijn de basis van een goed functionerende gemeenschap. Daarom zetten we deze collegeperiode stevig in op het versterken van de openbare orde. Een goede samenwerking in het sociaal domein is daarbij leidend. Uiteindelijk zien wij preventie als de beste manier om veiligheid te bieden.

Om heldere kaders te creëren, is het kernbeleid veiligheid in gezamenlijkheid geactualiseerd en vastgesteld, evenals het horecabeleid. De samenwerking tussen Openbare Orde en Veiligheid en Sociaal Domein is geïntensiveerd. Ook is ingezet op het professionaliseren van de handhaving en is een eerste uitbreiding gerealiseerd van het aantal boa's. In de afgelopen jaren is er steeds meer aandacht voor de aanpak van ondermijning. Daarbij werken we tegelijkertijd aan de professionalisering van onze eigen inzet. Zo is er bijvoorbeeld in april 2023 in een samenwerkingsverband van de Nederlandse Arbeidsinspectie, Douane Groningen, Nederlandse Voedsel- en Warenautoriteit, politie en gemeente Smellingerland een ondermijningsactie uitgevoerd.

Cyberkriminaliteit heeft een prominente plaats gekregen in het kernbeleid veiligheid. De komst van een nieuwe Chief Information Security Officer (CISO) en twee privacy officers (een nieuw ingevoerde functie) geeft een impuls aan het combineren van privacybescherming en informatiebeveiliging. Er is een interne bewustwordingscampagne opgezet in de vorm van een online workshopreeks voor medewerkers en raad. De doelen daarvan zijn onder andere het tegengaan van datalekken en het creëren van een bewuste omgang met persoansgegevens van inwoners.

Momenteel wordt gewerkt aan een nieuw evenementenbeleid. Hiervoor kijken we breed naar de verschillende rollen van de gemeente bij evenementen. Dat gaat om een veilig verloop van evenementen en om de aantrekkelijkheid van onze gemeente voor inwoners en bezoekers door aansprekende evenementen te organiseren. Ondertussen zorgen we dat de evenementen die er zijn zo goed en veilig mogelijk verlopen, in afstemming met onze ketenpartners zoals de politie.



De Veiligheidsdag op het Kiryat-Onoplein in Drachten op 8 juni 2024 is een mooi voorbeeld van de samenwerking van gemeente Smellingerland met allerlei partners uit het veiligheidsdomein.

9. Mienskipsjild

Nettsjinsteande dat de gemeentlike finânsjes ûnder druk steane, is it útgangspunt foar ús omgong mei mienskipsjild in struktureel slutende begrutting. Dêrom begrutsje wy realistysk en hoeden, en fiere wy in solide finansjeel belied, dêr't wy by ynvestearje yn finansjele stjoering en behearsking.

It jier 2026 is it saneamde ravynjier. Dat betsjut dat der dan in sterke weromfal fan de middels yn it gemeentefûns is. It útgangspunt fan in slutende begrutting ferget dêrmei in strakke tarieding fan kadernota en begrutting. Yn de ôfrûne koälysje-perioade is der hurd wurke oan it ferbetterjen fan de stjoering en behearsking. Der is ynset op it stjoeren op finansjele kengetallen, mei as doel effekten op beliedskarren yn senario's sichtber te meitsjen.

De P&C-cyclus hat in moaie ûntwikkeling trochmakke, benammen yn de kwaliteit fan it proses en kwaliteit en lêsbereens fan de stikken. Lykas ôfpraat yn it koälysje-akkoart wurdt de ried twa kear jiers bypraat oer de fuortgong fan grutte projekten en alle jierren wurdt der besjoen hokker projekten dêrûnder falle moatte. Sa krije wy hieltyd mear ynsjoch en gryp, elk út syn/har rol wei. Fierders hawwe wy ynfiert dat de beskikber stelde mar noch net bestege middels nei twa jier eksplisyt opnij oerwoegen wurde. Dêrneist is de wjerstânskapasiteit dy't nedich is fêststeld en op oarder.

Wat it doelmjittich en rjochtmjittich brûken fan middels oangiet, wurkje wy oan in tal saken. Sa hawwe wy útwreiding realisearre op it mêd fan ynkeap en oanbesteedjen, en wurkje wy oan it makliker meitsjen fan it ynterne proses dêrfan. Ek is der in nije budzjethâldersregeling fêststeld.

By einsluten wurkje wy yn 2024 foar it earst mei in tuskentiidse spendanalyse en hawwe wy dêr in programma foar ymplementearre dat in soad hânjmjittich wurk tefoaren komt. Dêrmei kinne wy oandacht besteegje oan de ynhâldlike ferbetteringen, ûnrjochtmjittichheden op 'e tiid sinjalearje en foaral tefoaren komme.



Begroting 2024-2027
Bliuwend ynvestearje yn 'e Mienskip
Blijvend investeren in de Samenleving

Gemeente Smallingerland

Drachten | Smallingerland

It útgangspunt fan de Begroting 2024-2027 is it realisearjen fan in slutende begrutting.

9. Mienskipsjild

Ondanks dat de gemeentelijke financiën onder druk staan, is het uitgangspunt voor onze omgang met mienskipsjild een structureel sluitende begroting. Daarom begroten we realistisch en behoedzaam, en voeren we een solide financieel beleid, waarbij we investeren in financiële sturing en beheersing.

Het jaar 2026 is het zogenaamde ravijnjaar. Dit betekent dat er dan een sterke terugval van de middelen in het gemeentefonds is. Het uitgangspunt van een sluitende begroting vergt daarmee een strakke voorbereiding van kadernota en begroting. In de afgelopen coalitieperiode is er hard gewerkt aan het verbeteren van de sturing en beheersing. Er is ingezet op het sturen op financiële kengetallen, met als doel effecten op beleidskeuzes in scenario's zichtbaar te maken.

De P&C-cyclus heeft een mooie ontwikkeling doorgemaakt, met name in de kwaliteit van het proces en kwaliteit en leesbaarheid van de stukken. Zoals afgesproken in het coalitieakkoord wordt de raad twee keer per jaar bijgepraat over de voortgang van grote projecten en jaarlijks wordt bekeken welke projecten daaronder moeten vallen. Zo krijgen we steeds meer inzicht en grip, ieder vanuit zijn/haar rol. Ook hebben we ingevoerd dat de beschikbaar gestelde maar nog niet bestede middelen na twee jaar expliciet worden heroverwogen. Daarnaast is de benodigde weerstandscapaciteit vastgesteld en op orde.

Wat betreft het doelmatig en rechtmatig aanwenden van middelen werken we aan een aantal zaken. Zo hebben we uitbreiding gerealiseerd op het gebied van inkoop en aanbesteden, en werken we aan het vergemakkelijken van het interne proces daarvan. Ook is er een nieuwe budgethoudersregeling vastgesteld.

Tenslotte werken we in 2024 voor het eerst met een tussentijdse spendanalyse en hebben we daar een programma voor geïmplementeerd dat veel handmatig werk voorkomt. Daarmee kunnen we aandacht besteden aan de inhoudelijke verbeteringen, onrechtmatigheden tijdig signaleren en vooral voorkomen.



Begroting 2024-2027
Bliuwend ynvestearje yn 'e Mienskip
Blijvend investeren in de Samenleving

Gemeente Smallingerland

Drachten | Smallingerland

Het uitgangspunt van de Begroting 2024-2027 is het realiseren van een sluitende begroting.

Gemeenteried Smellingerlân
Gemeenteraad Smallingerland



Fotograaf: Sieta Stel

Gemeente Smallingerland

Gauke Boelensstraat 2

9203 RM Drachten

Telefoon: (0512) 58 12 34